

21 'O Hear God, hillige Heit'

De HEARE sil by jim wêze!

De HEARE sil jo bewarje.

Heevje jim herten omheech!

Wy hawwe ús hert by de HEARE.

Lit ús tank bringe oan ús God!

It past ús de HEARE te tankjen.

Ja wier, it past ús, o HEARE,
it is ús plicht en sillichheid
om Jo tank te bringen, oeral en altyd...

(1) as Peaske noch fierôf is:

... hillige Heit,

om't Jo ús roppen hawwe

ta it geheim

fan jo barmhertigens,

fan jo geduld

en fan jo skeppende leafde.

Yn jo hiele tsjerke

wurde Jo priizge, no

en alle dagen

dat de sinne opgiet

oer alle minsken,

goed en kwea.

Dêrom wolle wy

Jo ek loovje

mei allegearre

dy't ús foargien binne

en mei safolle

om ús hinne,

en dêrom sjonge wy de lofsang

dy't fan ivichheid ôf

himel en ierde ferbynt:

(2) yn 'e lêste wiken foar Peaske:

... hillige Heit,

benammen

no't wy foar Peaske steane,

jo grut geheim

fan dea en fruchtberens.

Wat Jo Abraham

tasein hawwe,
 oan Israel wiermakke
 en fan Mozes' tiden ôf
 trochjûn hawwe,
 wat, doe't de tiid der ryp foar wie,
 troch Jezus folbrocht is,
 doe't Er opgien is
 nei de Peaskestêd Jeruzalem, –
 dat allegearre bringe wy
 hjir oan 'e tafel
 om 'e wille fan Him
 wer yn oantinken
 en dêrom sjonge wy
 mei alle ingels
 en mei jo hiele folk
 yn 'e himel en op ierde:

(3) mei Peaske:

... hillige Heit,
 troch Kristus, ús Hear,
 benammen yn dizze dagen,
 no't ús Peaskelaam slachte is.
 Want Hy is it wiere Laam
 dat de sûnden fan 'e wrâld weidraacht,
 dat troch syn dea
 ús dea syn krêft ûntnommen
 en troch syn ferrizenis
 ús libben nije glâns jûn hat.
 Dêrom sjonge wy
 mei ingels en hilligen
 en alle feardige geasten
 út namme fan alles wat libbet
 ynmoedich
 it lofliet fan jo gloarje:

(4) yn 'e Peasketiid:

... hillige Heit,
 troch jo Soan, de Salvling,
 dy't it minsklik libben hielmakke
 en ús de frijheid jûn hat,
 want it hout dêr't Hy oan stoar
 is de beam fan ús libben wurden;
 wy dy't Him krusige hawwe,

binne troch Him oerwûn,
ús tiden binne yn syn hân
en de krêften fan dizze wrâld
steane ta syn tsjinst.
Sa wurdt Hy ferhearlike,
foar ús noch yn it ferburgene,
yn 'e himel,
mar wy jouwe ús op
om 'e wille fan Him
en sjonge op ierde:

(5) yn 'e tiid fan Himelfeart en Pinkster:

... Kening fan 'e wrâld,
troch jo Tsjinstfeint, de Rjochtfeardige,
de Man fan Peaske.
Jo hawwe Him hear en master makke,
minske boppe alle machten.
Syn ûndergong hawwe Jo omkeard
en der in opgong fan makke.
Syn wegering om te leauwen
yn 'e machten dy't wy oanbidde,
hawwe Jo mei hearlikheid kroane.
Jo hawwe ús broer Jezus
de Jordaan troch droegen
oant yn it hert
fan it beloofde lân,
Him thúshelle yn it paradys.
En ús hawwe Jo
it oantinken oan Him tabetroud,
om dêrby te libjen
en ien lichem
mei Him te wêzen,
roppen en skepen troch it wurd,
dat as brea om te iten
ús yn hannen leit.
Dêrom stekke wy de hân út
nei elkoar
en heevje ús siele op
nei dêr't ús hert is:
by Jo, ús Hear,
en sjonge
mei al jo hilligen en ingels:

(6) *op it Pinksterfeest, by âlds it feest fan 'e wiken:*
 ... o Heit fan ús libbensljocht,
 jo Geast
 giet troch de wrâld,
 jo amme fernijt
 it oansjen fan 'e ierde!
 Dêrom loovje wy Jo
 en fiere feest,
 sa't jo folk
 it ús foardien hat,
 jo folk dat ús leard hat
 om te sjongen
 ta eare fan jo hillichheid:

(7) *op it Pinksterfeest:*
 ... hillige Heit,
 om't jo Geast de wrâld
 skepen hat
 en ús leart te ûnderskieden
 wat ljocht en tsjuster is,
 en ús op 'e nij bemoediget
 mei tekens fan libben,
 beloften fan
 in nije ierde.
 Ja, heech te priizgjen is jo Namme,
 om de Geast dy't bidt
 yn ús suchtsjen
 en dy't ús roppe lit
 út 'e benaudheid,
 de Geast dy't alles
 wat amme hat besielet
 om Jo te loovjen.
 Dêrom,
 mei al jo tsjinjende geasten,
 mei ingels en koaren,
 psalmdichters en profeten,
 mei de hiele Skrift
 yn alle talen
 sjonge wy mei-inoar:

(8) *op 'e sneinen nei it Pinksterfeest:*
 ... hillige Heit,
 om't jo Geast

de wrâld skepen hat
en ús leart te ûnderskieden
wat ljocht en tsjuster is,
en ús op reis bemoediget
mei tekens fan libben,
beloften fan
in nije ierde.
Ja, heech te priizgjen is jo Namme,
om de Geast dy't bidt
yn 'e fersuchtings
fan jo gemeente,
de Geast dy't alles wat amme hat besielet
om Jo te loovjen.
Dêrom, mei al jo ingels,
jo sjongers en profeten,
it folk fan heit Abraham,
en allegearre dy't doopt binne
om Jezus' wil,
bidde en sjonge wy
de lofsang út 'e timpel:

(9) om Rosj Hasjana, it Joadske nijjiersfeest, hinne:
... Kening fan 'e wrâld
en jo Namme út te roppen,
Heit fan Israel,
want Jo hawwe
himel en ierde skepen,
Jo hawwe ús roppen
ta jo wûnderbaarlik ljocht.
Dêrom, mei al
jo tsjinners, ús foarfaars,
mei Abraham dy't
jo Namme oangriep,
mei Jakob dy't
om de segen wraksele,
mei Mozes dy't
jo antlit sjoen hat,
mei David dy't
ús leard hat om jo lof te sjongen,
mei ingels en profeten,
mei rabbinen en apostels
en allegearre dy't Jo tagedien binne
stimme wy yn
en sjonge as yn 'e timpel:

(10) *om-ende-by Jom Kippoer, Grutte Soendei:*

... ús Heit,
 om't Jo ús net fergean
 mar yn frede libje litte,
 om't Jo ús ûndergong
 en ús dea net wolle,
 mar dat wy ús
 bekeare ta
 jo lear en jo beloften.
 Jo witte dat wy út 'e ierde
 ierdsk binne
 en Jo dogge ús sûnden
 sa fier by ús wei
 as it easten is
 fan it westen.
 Dêrom, HEARE,
 mei allegearre dy't
 diel hawwe oan jo fersoening
 en dy't har hope sette op
 it Moarnsrea út 'e himel,
 priizgje wy Jo,
 dy't it ferbûn oangien binne
 mei Abraham, Izaäk en Jakob,
 sjongend as de ingels,
 dy't yn jo timpel sjonge:

(11) *om Sûkkot (Huttefeest) en
 Simchat Tora (Freugde fan 'e Wet) hinne:*

... ús Heit,
 want Jo hawwe jo pylgers
 troch de woestyn brocht
 en Jo hawwe ús
 roppen ta
 jo grutte freugde.
 Jo hawwe de hillige
 Tora plante
 yn ús bestean
 as in beam fan it libben.
 Jo hawwe fan it oanbegjin ôf
 roppen: Ljocht!
 en Jo hawwe de ierde
 sjen litten oan 'e kym
 as in lân om yn te wenjen.

Dêrom, mei Mozes,
dy't jo gemeente foargyng,
en Jozua,
dy't de Jordaen trochgien is
om de belofte wier te meitsjen,
mei al jo sjongers en profeten,
jo ingels en jo minsken,
al dy tsjinners om jo troane hinne,
stimme wy yn
en sjonge de lofsang:

(12) mei Krysttyd:

... Kening fan 'e wrâld
en Heit fan alle ljochten.
Want Jo hawwe himel
en ierde makke
en ús roppen
ta jo wûnderbaarlik ljocht
dat yn 'e nacht
ferskynd is
om alle minsken te ferljochtsjen,
dat yn 'e wrâld kommen is
ta syn eigendom,
dat ús troch syn berte
erfgenamten fan syn takomst makke hat.
Jo macht belide wy,
jo namme en jo genede.
It is bard
yn fleis en bloed,
mei hert en siele
is it berne,
jo Wurd dat wie
ear't der wat bestie.
Dêrom mei alles wat Jo oanbidt,
mei ingels en hoeders
en mei de jonkfrou Sion
stimme wy yn
en sjonge:

(13) mei Epifany:

... Kening fan 'e wrâld
en Heit fan alle ljochten.
Want Jo hawwe himel

en ierde makke
 en Jo hawwe ús roppen
 ta jo wûnderbaarlik ljocht,
 dat yn 'e nacht
 ferskynd is
 om alle minsken te ferljochtsjen,
 dat yn 'e wrâld kommen is
 ta syn eigendom
 dat ús troch syn berte
 erfgenamten fan syn takomst
 makke hat.

Jo macht belide wy,
 jo namme en jo genede.
 In stjerre is opgien,
 in nije majesteit,
 de moarnsstjerre
 fan jo heil dat daget.
 Dêrom, mei alles wat jo oanbidt,
 mei keningen en wizen,
 mei hoeders en apostels
 en mei de jonkfrou Sion
 stimme wy fol earbied yn
 en sjonge:

(14) yn 'e tiid fan Epifany:

... Jo, hillige God, ús Heit,
 Kening
 fan it oanbegjin ôf
 en oant yn alle ivichheid.
 As jo hearlikheid ferskynt,
 sille jo it oansjen
 fan alle dingen feroarje
 en ús, jo tsjanners,
 dy't stjerlingen binne,
 út 'e ierde ierdsk,
 rjochtfeardigje
 as bern,
 berne út jo ljocht
 om yn jo lân te wenjen.
 Dêrom, mei al jo boaden,
 jo tsjanners en tsjûgen,
 mei ingels en profeten,
 aartsfaars en apostels,

mei alle feardige geasten,
mei alle baarnende herten,
mei allegearre dy't Jo tagedien binne
stimme wy yn
en sjonge:

(15) troch it hiele jier hinne:
... om't Jo de minsken foargeane,
– jo beafeartsgemeente ûnderweis
nei de nije ierde dy't Jo tasein hawwe –
as yn in wolk en yn in fjoer
troch Kristus, ús Hear,
dy't alles folbrocht hat
wat fan âlds beskreaun stie:
it Peaske fan 'e befrijing,
de tocht troch de woestyn,
alle besikings en de hiele berte
troch jo Wurd.
Dêrom, mei alle tsjinjende geasten
en baarnende herten,
mei jo hiele tsjerke,
en mei alles wat libbet,
sjonge wy om 'e wille fan Him:

Hillich, hillich, hillich,
HEARE fan alle machten!
Himmel en ierde binne fol
fan jo hearlikheid!
Jo komt de lof ta,
Jo, de Alderheechste!

Heech te priizgjen is Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEARE.
Hosanna de Soan fan David.

HEARE, ús God, hillige Heit,
sa fiere wy, jo tsjanners,
jo prysters, jo gemeente,
út namme fan al wat libbet
it geheim fan jo heil
en it hert fan jo skepping,
de komst fan jo Soan,
ús Hear Jezus Kristus,

dat Hy minske wurden is,
dat Hy lit hat foar ús
en stoarn is,
dat Hy opstien
en ús foargien is,
dat Hy ferhege is;
ús Haad yn 'e himel,
en mei ús op ierde
mienskip hâldt
yn 'e tsjinst fan syn offer
by it hillige brea
en de beker fan 'e tanksizzing.

Want yn 'e nacht dat Er oerlevere is,
hat Er it brea nommen
om it te brekken en út te dielen
mei de wurden:

Nim en yt,
dit is myn lichem foar jimme,
doch dat My ta oantinken.

Allyksa nei it iten,
nei't Er de drinkbeker nommen en tanke hie:
Dizze drinkbeker is it nije ferbûn
dat fêstleit yn myn bloed.
Lit him ûnder jim omgean
en doch dat, sa faak jimme dy drinke,
ta in oantinken oan My.

Dêrom, HEARE, ús God,
bidde wy Jo:

stjoer oer ús jo Geast, dy't libben makket;
bewarje ús by jo Wurd
en fermannichfâldigje
yn ús fermidden
de frucht fan 'e gerjochtichheid,
dat jo leave ierde bewenne wurdt
yn frede en freugde,
hjoed en alle dagen
oant yn ivichheid.
Amen.

(FERFOLCH TAFELGEBED, LANGERE FERZY)

HEARE, ús God, hillige Heit,
sa fiere wy, jo tsjanners,
jo prysters, jo gemeente,
út namme fan al wat libbet
it geheim fan jo heil
en it hert fan jo skepping,
de komst fan jo Soan,
ús Hear Jezus Kristus,

dat Hy minske wurden is,
dat Hy lit hat foar ús
en stoarn is,
dat Hy opstien
en ús foargien is,
dat Hy ferhege is;
ús Haad yn 'e himel,
en mei ús op ierde
mienskip hâldt
yn 'e tsjinst fan syn offer
by it hillige brea
en de beker fan 'e tanksizzing.

Dêrom, o God,
wês sa goed en sjoch
de tekens fan ús ierdske libben oan!
Jo hawwe de jeften ek oansjoen
fan jo rjochtfeardige tsjinner Abel
en it offer oannommen
fan ús heit Abraham
en de wyn mei it brea

fan jo pryster Melchisêdek.
 Nim dan ek oan,
 sa bidde wy,
 jeften út ús hannen
 en segenje ús
 en stjoer jo Geast,
 dat wy diel krije oan
 it lichem fan jo Soan
 en troch syn bloed
 fol wurde fan jo genede.

Sa steane wy hjir foar Jo,
 ien lichem en ien geast,
 ien doop en ien gemeente,
 mei in berop op Him
 dy't yn 'e nacht
 dat Er oerlevere waard,
 brea naam, de segen útspriek
 en it brea breek en sei:

Dit is myn lichem
 foar jimme, nim en yt.

Allyksa nei it iten
 naam Er de beker, tanke Jo
 en spriek:

Dit is de beker
 fan it nije ferbûn
 dat fêstleit yn myn bloed,
 dat foar jimme en mannichien
 fergetten wurdt.
 Nim dan, drink dêr allegearre út
 doch it
 ta in oantinken oan My.

Want alle kearen as jim fan dit brea ite
 en út 'e beker drinke,
 ferkundigje jimme de dea fan de Hear
 oant Er komt.

Maranata.

Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

22 'Wy priizgje Jo, o Kening Almachtich'

De HEARE sil mei jim wêze!

De HEARE sil jo bewarje.

De herten omheech!

Wy binn' mei ús hert by de HEARE.

Priizgje wy de HEARE, ús God!

It is goed en it past ús!

Ja wier, goed en passend is it,
dat wy Jo priizgje, o Kening Almachtich,
dy't grut binne boppe alle goaden en machten,
dy't troanje yn jo hof, hearliker as Salomo,
dy't jo wysheid en jo graasje
fermannichfâldigje oer de ierde,
Jo, dy't jo Wurd siedzje
en leafde rispje fan ikker ta ikker,
frucht fan jo Geast;
Jo, dy't de djipste wetters befolkje mei earbied
en de beammekrunen mei fleur!
Dêrom, mei al wat libbet
yn 'e djipte hjirûnder
en yn 'e hichte hjirboppe,
wolle wy Jo tsjinje en lofsizze
sûnder ophâlden
en wy sjonge Jo ta:

Hillich, hillich, hillich,

HEARE God fan alle machten.

Fol binne himel en ierde fan jo hearlikheid.

Hosanna yn 'e hege himel.

Heech te priizgjen is Hy dy't komt yn 'e namme fan de HEARE.

Hosanna yn 'e hege himel.

Jo, HEARE-God,
dy't de himel en de ierde skepen hawwe
mei alles wat dêryn is,
en dy't de minske makke hawwe
nei jo byld en likenis, -
Jo wolle wy priizgje
om jo Wurd dat Jo yn ús fermidden plante hawwe,
Jezus Messias,

neigeslacht fan Abraham, soan fan David,
jo Earstberne,
dy't libbe hat
neffens de lear fan Mozes
mei syn hiele hert, mei syn hiele siel
en mei al syn ferstân.
Sa hat Er al jo beloften wiermakke
en ús brocht yn it griene lân
dat oerrint fan molke en hunich;
dêr hat de Wysheid fan foar alle tiden
har hûs boud en har tafel útset,
it brea reemakke en de wyn mongen.

Wy priizgje Jo om jo Soan, jo nea genôch te priizgjen jefte,
yn Wa't alles jûn is
wat Jo ús jaan wolle
en alles wat Jo takomt út ús hân, –
sa binne Jo God-mei-ús,
yn Him dy't alles goedmakke hat,
dy't hongerigen sêd jout,
dy't beneare minsken oereinholpen
en siken better makke hat.
Jo gelyk te wêzen
hat Er net mei alle macht oan fêst holden,
dy't yn it stal fan in tsjinstfeint
ús as sines oannommen hat,
dy't ús syn bruorren en susters makke hat,
mei't Er al ús kwea droegen hat
en yn syn leafde oan it uterste ta gien is.

Yn 'e nacht dat Er oerlevere waard
naam Er brea yn 'e hannen,
Hy seinige en briek it, en sei:
Nim en yt, dit is myn lichem foar jimme,
doch dat My ta oantinken!

Allyksa nei it iten
naam Er de beker,
spriek de tanksizzing en sei:
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,
dat foar jimme en mannichien fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden;
doch dat, sa faak as jimme dêrút drinke,
ta in oantinken oan My!

Amen.

Sa dan, HEARE ús God,
betinke wy tankber jo barmhertigens en trou,
it tsjinstber wêzen fan jo Soan,
dy't deltein is yn it deaderyk,
dy't Jo de tredde deis opwekke hawwe,
dy't Jo ferhege hawwe yn jo hearlikheid
om Him plak te jaan oan jo rjochterhân,
dêr't Er weikomme sil as Rjochter
oer libbenen en deaden.

Wy bidde Jo:

stjoer oer ús jo Geast dy't libben makket,
dy't ús ta ien lichem makke hat mei jo gemeente,
hjr steande foar jo antlit
en holden oan jo Wurd, –
dat wy ús Messias net ferjitte of fersaakje,
mar bliid betsjûgje
om ien mei alle folken
syn erfdiel te ferwachtsjen.
Troch Him, en mei Him en yn Him
wolle wy Jo hilligje, tankje en priizgje,
HEARE ús God, almachtige Heit,
yn 'e ienheid fan de hillige Geast,
dizze dei en alle dagen
en oant yn alle ivichheid.

Maranata!

Hjrnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

23 'Wy tankje Jo, God'

De HEARE wês mei jim.

De HEARE wês ek mei jo.

De herten omheech.

Wy keare se nei de HEARE.

Lit ús de HEARE tank bringe.

Dat is passend en goed.

Wy tankje Jo, o God,
troch jo ynleave Soan Jezus Kristus,
dy't Jo ús stjoerd hawwe yn dizze eintiid
as Ferlosser en Heilân en Ferkundiger fan jo wil.

Hy is jo Wurd, dat net fan Jo te skieden is,
troch Wa't Jo alles makke hawwe
en dêr't Jo sa wiis mei binne.

Jo hawwe Him út 'e himel stjoerd
yn 'e skurte fan in frou.

Hy is troch har ûntfongen en yn har minske wurden
en hat Him iepenbiere as jo Soan,
berne út de hillige Geast en de faam Maria.

Om jo wil te folbringen
en Jo in hillich folk te winnen
hat Hy, doe't Er lije moast, de hannen útstutsen
om allegearre dy't op Jo fertrouwe
fan it lijen te ferlossen.

Doe't Hy Him frijwillich oerlevere oan it lijen
om de dea te ferneatigjen,
de bannen fan 'e duvel te ferbrekken,
de ûnderwrâld te ferwâdzjen
en de rjochtfearrigen te ferljochtsjen,
om de foleining te bringen
en de ferrizenis te iepenbierjen,
naam Er brea, brocht Jo tank en spriek:

Nim, yt: dit is myn lichem
dat foar jimme brutsen wurdt.

Sa naam er ek de beker en spriek:

Dizze beker is it nije ferbûn
dat fêstleit yn myn bloed, dat foar jimme fergetten
wurdt.

Wannear't jim dat dogge, fiere jimme myn oantinken.

No't wy dan syn dea en opstanning betinke,
komme wy ta Jo mei dit brea en dizze beker
en tankje Jo, dat Jo ús weardich achte hawwe
om foar Jo te stean en Jo te tsjinjen.

Wy smeeke Jo: stjoer jo hillige Geast
oer de jeften fan jo hillige tsjerke,
bring har ta ienheid
en jou oan allegearre dy't dizze hillige geheimen ûntf-
ange,
dat se fol wurde fan jo hillige Geast
ta befêstiging fan har leauwen yn 'e wierheid.
Dan sille wy Jo loovje en ferhearlikje
troch jo Soan Jezus Kristus,

troch Wa't oan Jo de hearlikheid is en de eare,
Heit en Soan mei de hillige Geast
yn de hillige tsjerke,
no en yn alle ivichheid.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

24 'Hear fan himel en ierde'

Frede wês mei jimme.

Frede ek mei jo.

Heevje jim herten op.

Wy hawwe ús hert by de HEARE.

Lit ús tanksizze de HEARE, ús God.

Dat is weardich en rjocht.

Ja, weardich is it en rjocht,
foechsum en heilbringend,
dat wy Jo, hillige Heare,
almachtige Heit, ivige God,
jimmeroan en rûnom tanksizze
troch Kristus, ús Hear,

(1) *Advint*

dy't Jo nei jo folk tastjoerd hawwe,
dat wy syn ferskinging oanskôgje soenen
en dat ûnder de folken folbrocht wurde soe
wat de profeten tasein hawwe.
Dêrom sjonge wy mei ingels en aartsingels
de lof fan jo gloarje:

(2) *Krysttyd*

want it Wurd is fleis wurden.
Wat foar de wrâld ferburgen wie,
is no ferskynd
en it ljocht fan jo gloarje
hat ús eagen ferljochte.
Dêrom sjonge wy mei ingels en aartsingels
de lof fan jo gloarje:

(3) *Fjirtichdagetiid*

want Hy hat ús sûnden op Him nommen,
dat wy, foar de sûnde stoarn,
mei Him as nije minsken libje soenen.
Dêrom sjonge wy mei ingels en aartsingels
de lof fan jo gloarje:

(4) *Peasketiid*

want Hy is it wiere Peaskelaam,

dat de sûnden fan 'e wrâld weinimt.
Hy hat ús dea troch syn stjerren ferneatige
en troch syn opstanning it libben werombrocht.
Dêrom sjonge wy mei ingels en aartsingels
de lof fan jo gloarje:

(5) Pinkster

want Jo hawwe de Geast dy't Jo tasein hienen
útstoart oer de bern fan syn genede.
Dêr sjongt de hiele ierde fan,
dêr romje de folken fan yn alle tong en taal.
Dêrom sjonge wy mei ingels en aartsingels
de lof fan jo gloarje:

(6) Trinitatis

Jo, dy't mei jo ienichstberne Soan
en mei de hillige Geast
ien ienich God en Hear binne.
Dêrom sjonge wy mei ingels en aartsingels
de lof fan jo gloarje:

(7) lêste trije sneinen fan it tsjerklik jier

want wy, dy't oan 'e dea ûnderwurpen wienen,
libje troch Him,
yn 'e ferwachting fan 'e opstanning fan 'e deaden.
Dêrom sjonge wy mei ingels en aartsingels
de lof fan jo gloarje:

**Hillich, hillich, hillich is God
de Heare Almachtich.
Fol binne himel en ierde
fan syn hearlikheid.
Hosanna yn 'e hege himel.
Heech te priizgjen is Hy
dy't komt yn 'e namme fan de HEARE.
Hosanna yn 'e hege himel.**

Heech te priizgjen binne Jo, Hear fan himel en ierde,
dat Jo Jo oer jo skepsels ûntferme hawwe
en jo ienichstberne Soan
as minske te wrâld komme lieten.
Wy tankje Jo foar de ferlossing

dy't Jo ús taret hawwe
troch it hillich offer fan ús Heare Jezus Kristus,
oan it krúshout brocht.
Wy loovje Jo
om syn hearlike opstanning út 'e dea
en om syn himelfeart nei jo ivich hillichdom,
dêr't wy yn Him, ús Hegepryster,
altyd oanwêzich binne foar Jo.
Yn syn namme bidde wy Jo, Hear:
stjoer ús jo hillige Geast
en jou dat wy yn brea en wyn
it wiere lichem en bloed fan jo Soan
mei in wier leauwe en mei tanksizzing ûntfange meie.
Bring jo gemeente fan ierdryks einen byinoar yn jo Ryk
en lit ús de komst fan jo Soan
yn leauwich betrouwen ferwachtsje.
Oan Jo de eare yn ivichheid.
Amen.

**Us Heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen.**

Yn 'e nacht
dat ús Hear Jezus Kristus oerlevere waard,
naam Er brea, tanke, briek it
en joech it oan syn learlingen en sei:
Nim en yt, dit is myn lichem,
dat foar jimme jûn wurdt;
doch dat My ta in oantinken.

Lyksa naam Er de beker nei it iten,
tanke, joech har dy en sei:
Nim en drink dêr allegearre út,
want dizze beker is it nije ferbûn
dat fêstleit yn myn bloed,
dat foar jimme fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.
Doch dat, sa faak as jim dy drinke,
My ta oantinken.

Hjirnei folget it 'Kristus, Laam fan God' (side 171)

25 **'Te priizgjen binne Jo'**
(‘griene’ sneinen)

Frede wês mei jimme.

Frede ek mei jo.

Heevje jim herten op.

Wy hawwe ús hert by de HEARE.

Lit ús tanksizze de HEARE ús God.

Dat is weardich en rjocht.

Ja, heilsum is it en goed, o HEARE,
om Jo altyd te loovjen en te tankjen,
God fan Abraham, Izaäk en Jakob,
want yn Jezus Kristus
hawwe Jo jo beloften wiermakke.
Dêrom, mei jo folk Israel
en al jo profêten,
mei al jo ingels en boadskippers,
mei allegearre dy't Jo tsjinje, hein en fier,
sjonge wy ek:

**Hillich, hillich, hillich is God,
de Heare Almachtich.**

**Fol binne himel en ierde
fan syn hearlikheid.**

Hosanna yn 'e hege himel.

**Heech te priizgjen is Hy
dy't komt yn 'e namme fan de HEARE.**

Hosanna yn 'e hege himel.

Heech te priizgjen binne Jo, HEARE,
dy't de earste binne en de lêste.
Jo hawwe jo folk besocht en it ferlost
om sûnder eangst Jo te tsjinjen;
Jo binne djip mei ús begien.
Jo hawwe nei ús omsjoen
en stjoere ús it paad nei frede op.
Jo sille altyd mei ús wêze
oan 'e ein fan 'e dagen ta.

Lit ús diele yn jo beloften, HEARE ús God,
troch Jezus Kristus, jo Soan,
dy't yn 'e nacht dat Er oerlevere waard,
it brea naam, tanke, it briek
en oan syn learlingen joech mei de wurden:
Nim en yt, dit is myn lichem
dat foar jimme jûn wurdt;
doch dat My ta oantinken.

Lyksa naam Er de beker nei it iten,
tanke, joech har dy en sei:
Nim en drink dêr allegearre út,
want dizze beker is it nije ferbûn
dat fêstleit yn myn bloed,
dat foar jimme fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.
Doch dat, sa faak as jim dy drinke,
My ta oantinken.

**Us Heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk en de krêft en de hearlikheid
oant yn ivichheid. Amen.**

Jo, Moarnsrea út 'e himel, sjoch nei ús om
en meitsje ús fol fan jo hillige Geast,
dat wy Jo tsjinje yn hillichheid en gerjochtichheid
en foar Jo útgeane, al ús dagen,
om jo paden te sljochtsjen.
Troch de Soan fan David,
Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

Hjirnei folget it 'Laam fan God dat weidraacht' (side 171)

26 'Machtige God'

Machtige God,
mei alle earbied
neame wy jo namme,
dy't Jo jûn hawwe
oan al wat libbet en sykhellet.
De himel en it lân,
it ljocht fan dizze dei
en wysels ek, o God,
binne der troch Jo.
Jo, dy't al fan minsken hâlde
foardat se berne binne.
Wy neame Jo fan herten
ús God en Heit.
Jo dogge wat Jo sizze,
Jo hâlde ús yn it libben,
en sykje aloan nei ús
oant Jo ús yn 'e frjemdte fine,
om 'e wille fan jo Soan,
de earste fan ús allegearre.
Yn stêd en lân,
yn minsken en machten,
yn libbenen en deaden
wurde jo fernommen en útsprutsen,
oant dizze ierde ienkear
de stêd fan frede is,
it nij Jeruzalim,
dêr't alle leed foarby is
en al ús kwea fergetten.
Harkje dan ek,
as wy Jo priizgje, God,
en sûnder ein sizze:

Hillich, hillich, hillich,
HEARE God fan alle machten.
Fol binne himel en ierde fan jo hearlikheid.
Hosanna yn 'e hege himel.
Heech te priizgjen is Hy dy't komt yn 'e namme fan de
HEARE.
Hosanna yn 'e hege himel.

HEARE ús God,
Jo binne hillich en goed –
en sa fertroud mei ús,
dat ús nammen steane
gravearre yn jo hânpalmen.
Gjin minske sille Jo ferjitte
om 'e wille fan Jezus Kristus,
dy't Jo ús yn genede jûn hawwe.
Jo hawwe Him ta libben roppen
en útstjoerd
om triennen te droegjen
fan minsken dy't slein binne,
om it hert te hieljen
fan minsken dy't brutsen binne,
om brea te wurden foar hjoed
en de frede sels te wêzen.
Wy tankje Jo,
dat Hy ús romte jout
en frijheid skept.
Wy tankje Jo,
dat Hy de namme wurden is
foar ús hiele libben
oan 'e ein ta.

Want yn 'e nacht
dat Er syn libben joech
naam Er brea yn 'e hannen,
Hy tanke Jo, Hy breek it
en joech it syn learlingen
mei de wurden:
Nim en yt hjirfan, jim allegearre,
want dit is myn lichem,
dat foar jimme jûn wurdt.

Sa naam Er de beker ek,
tanke Jo wer
en joech him oan syn learlingen
mei de wurden:
Nim dizze beker
en drink dêr allegearre út,
want dizze beker is it nije ferbûn
dat fêstleit yn myn bloed,

dat foar jimme en foar allegearre fergetten wurdt
ta ferjouwing fan 'e sûnden.

Doch dat aloan om oan My te tinken.

**As wy dan ite fan dit brea
en drinke út dizze beker,
ferkundigje wy de dea fan de Hear
oant Er komt.**

HEARE ús God,
sa betinke wy Him
dy't wit wat lijen is
en de dea sjoen hat.

Jo hawwe Him opwekke
en Him in namme jûn
heech boppe alle nammen.

Jezus, de Hear is Hy,
Dy't Is En Bliuwe Sil,

– jo rjochterhân –
oant Er komt.

Him ferkundigje wy
troch dizze libbensbeker
en troch dit brea
dat omparte wurdt.

Wy bidde Jo:
stjoer dan jo Geast yn ús,
dy't oer dizze ierde giet
en meitsje ús in folk
dat rjocht docht
om gerjochtichheid te bringen;
meitsje dat libben en wolwêzen
grutter en sterker binne
as oarloch en dea;
en lit ús minsken wêze
dy't wenten bouwe
foar jo stêd fan frede;
brek it geweld yn ús ôf
en bring ús by Jo thús
út 'e krêft fan Him,
de Minskesoan,
hjir yn ús fermidden.

Dan sil jo namme
hillige wêze op ierde
en komme sil jo keninkryk
troch Him en mei Him
yn krêft en yn Geast
oant yn ivichheid.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

27 'Wy tankje Jo, hillige Heit'

Wy tankje Jo, HEARE God almachtich,
dat Jo in God fan minsken binne,
dat Jo Jo net skamme hawwe
om ús God neamd te wurden,
dat Jo ús by de namme kenne,
dat Jo de wrâld yn jo hannen hâlde.
Want dêrom hawwe Jo ús skepen
en dêrta ús yn dit libben roppen,
dat wy mei Jo ferbûn wêze soenen,
jo minskefolk op dizze ierde.
Heech te priizgjen binne Jo,
Skepper fan alles wat bestiet,
heech te priizgjen binne Jo
dy't ús de romte jûn hawwe
en tiid fan libjen.
Heech te priizgjen binne Jo
om it ljocht fan ús eagen
en om de lucht dy't wy ynhelje.
Jo tankje wy foar de hiele skepping,
foar alles wat jo hannen makke ha,
foar alles wat Jo yn ús fermidden dienen,
troch Jezus Messias.
Dêrom, mei alle libbenen
en mei allegearre dy't ús yn it leauwe foargien binne,
bringe wy jo namme hulde;
dêrom bûge wy ús foar Jo
en oanbidde Jo mei de wurden:

of:

HEARE ús God,
wy tankje Jo dat wy berne binne,
dat wy der binne, mei muoite en fol freugde,
dat wy Jo oan it hert geane
salang't it minsken heuge mei.
Jo, dy't de stjerren roppe en har tal fêstlizze,
Jo roppe ek alle minsken by de namme;
fan fierren kenne Jo ús al,
God fan fier en hein,
Jo binne it ljocht fan ús eagen.

Jo sizze ús frijheid ta, libben yn oerfloed –
wy hâlde Jo oan jo wurd, HEAR ús God.
Wy roppe Jo oan mei dizze stim dy't Jo ús jûn hawwe,
wy oanbidde Jo mei dizze wurden:

Hillich, hillich, hillich,
HEARE fan alle machten,
himel en ierde binne
fol fan jo hearlikheid.
Kom en befrij ús,
Jo, Alderheechste.
Heech te priizgjen Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEARE.
Kom en befrij ús,
Jo, Alderheechste.

Wy tankje Jo, hillige Heit,
HEARE ús God,
om 'e wille fan Jezus Messias,
jo heechbeminde Soan,
dy't Jo roppen en stjoerd hawwe
om ús te tsjinjen en te ferljochtsjen,
om oan earmen jo keninkryk te bringen,
ferlossing te ferkundigjen oan dy't fêst sitte,
om foar ús allegearre en foargoed
foarm en stal te jaan oan jo trou en myldens.
Wy tankje Jo foar dy ûnferjitlike minske,
dy't alles folbrocht hat wat minsklik is,
ús libben, ús dea, –
en dy't Him mei hert en siel
oan dizze wrâld jûn hat.

Want yn 'e nacht dat Er oerlevere waard,
hat Er it brea yn 'e hannen nommen,
de eagen opslein nei Jo,
God, syn almachtige Heit.
Hy hat Jo tank sein, it brea brutsen
en it oan syn freonen omparte
mei de wurden:
Nim en yt,
dit is myn lichem foar jimme.
Doch dat My ta oantinken.

Sa naam Er ek de beker,
spriek de tanksizzing út en sei:

Dizze beker is it nije ferbûn, dat fêstleit yn myn bloed,
dat foar jimme en foar allegearre fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.

Alle kearen as jimme dizze beker drinke,
sille jim dat dwaan ta myn oantinken.

**As wy dan ite fan dit brea
en drinke út dizze beker,
ferkundigje wy syn dea
oant Er komt.**

Dêrom, HEARE ús God,
stelle wy hjir dit teken fan ús leauwe,
en dêrom betinke wy no
it lijen en stjerren fan jo Soan,
syn opstanning út 'e dea,
syn yntocht yn jo hearlikheid;
dat Hy, ferhege oan jo rjochterhân,
it foar ús opnimt,
en dat Er komme sil
om rjocht te dwaan oan libbenen en deaden
op 'e dei dy't Jo fêststeld hawwe.

Wy smeeke Jo:
stjoer ús jo hillige Geast,
en jou dizze ierde, dy't ús leaf is,
in nij gesicht.
Lit der dochs frede wêze,
rûnom dêr't minsken wenje,
de frede dy't Jo ús tasein hawwe,
dy't sterker is as alle geweld,
jo frede as in bân,
in nij ferbûn tusken ús allegearre,
de libbenskrêft fan Jezus Messias
hjir yn ús fermidden.

Dan sil jo namme hillige wêze,
HEARE ús God,
troch Him, mei Him en yn Him,
rûnom op ierde

en yn jo gemeente,
dizze oere en alle dagen
oant yn ivichheid.
Amen.

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

28 'Jo, rein en klear'

Dy't wy kenne as in Heit,
dy't himsels te praat brocht
yn in minskebern,
in broer -

**Jo, rein en klear,
fontein fan ivich libben,
wy segenje Jo!**

Want Jo hawwe ús beskamme
mei jo goedens, jo leafde.
Jo folje ús leechte mei oerfloed.
Jo roppe ús ta libben mei nije nammen.

**Jo, rein en klear,
fontein fan ivich libben,
wy segenje Jo!**

Sa faak hat jo leafde
al frucht setten yn minsken;
mei har en mei alles
wat ammet fan genede
sjonge wy hjir:

**Jo, rein en klear,
fontein fan ivich libben,
wy segenje Jo!**

Wy segenje Jo
om it hege Wurd fan it begjin,
dit Ljocht yn ús tsjusternis,
dit brea út 'e himel,
de Soan nei jo hert,
stjoerd dat wy allegear Jo kenne,
foargoed libje sille,
keazen ta freonen.

**Hy, Ljocht út Ljocht,
wurd fan it begjin,
Jezus Messias!**

Hy, frucht út 'e skerte fan jo folk Israel,
de wynstôk op wa't wy allegear inte binne.
Jo leafde foar Him is de saad dêr't wy út drinke.
Hy iepenet ús de eagen,
is it Ljocht dat foar ús útgiet.

**Hy, wiere hoeder,
wurd fan it begjin,
Jezus Messias!**

Hy hat him jûn, ferlern as nôt,
siedde yn 'e ierde, ûnthjit fan takomst,
Hy wie yn 'e wrâld, Hy stoar oan de nacht.
Gjin gruttere leafde:
syn lêste amme joech ús it libben.

Hy wie as brea, brutsen, ferparte,
libben brea:
syn lichem foar ús.
Hy waard ús beker,
in oerfloed fan brulloftswyn:
syn bloed foar ús.

Wy betinke syn dea, wy fiere it libben:
hjir langje wy inoar oan wat Hy ús joech.

**Hy, Laam fan God,
brea út 'e himel,
Jezus Messias!**

Erfgenamten fan syn frede,
wy, foargoed syn lichem neamd,
dat wy wenning binne foar Jo.
Dat wy ranken fan syn hert binne, fruchten drage,
dy't himel en ierde ferbliidzje.

**Jo, rein en klear,
fontein fan ivich libben,
wy segenje Jo!**

Liturgyske sangen 89

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

29 'Hear, kom yn ús fermidden'

De herten omheech nei God!

As blommen nei de sinne!

Tankje de HEARE, ús God!

Wy wolle God tankje!

Jo tankje wy, God ús HEARE,
God fan oeral en altyd,
fan minsken, dieren en planten,
fan wetter, loft en ierde,
dy't alles goed makket
en alles fêsthâldt:
hillich is jo Namme!

HEARE, kom yn ús fermidden.

**Sjong de HEAR, want Hy is goed,
Hy stiet fan de minsken noed.
Hat har leaf, ferjit har nea,
leafde sterker as de dea.**

(wize Ps. 136)

**Tankje God, Hy skoep 't hielal,
rôp de stjerren sûnder tal.
Hill'ge, fier ús troch de nacht,
meitsj' ús frij, toan ús jo macht.**

Yn Jezus sjogge wy wa't Jo binne:
minske ûnder de minsken,
begien mei har lot.
Sa naam Jezus brea en beker,
tanke Jo en joech se rûn
Alle kearen as wy mei oangeane,
partet Hy it brea, skinkt Hy de wyn.

HEARE, kom yn ús fermidden.

**Sjong de HEAR, want Hy is goed,
stiet fan alle skepsels noed.
Jezus is myn brea en wyn,
noeget my fan herten yn.**

Jo Geast is kommen,
krêft om alles nij te meitsjen:
brea en beker dy't nei Jo ferwize,
minsken dy't op Jo lykje.
Roppen om Jo te folgjen,
foarmje wy in rûnte fan lytsen en grutten,
ien gemeente, sa wiid as de wrâld.

HEARE, kom yn ús fermidden.

**Sjong de HEAR, want Hy is goed,
nimt ús libben op 'e noed.
Frede is der sûnder mis,
foar wa't fredestifter is.**

**Tankje God en skik mei oan
oan it feestmiel fan Gods Soan.
Sit mar nearne mear oer yn,
nim it brea en drink de wyn.**

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)

30 'Heech te priizgjen is jo Namme'

(f: foargonger, b: bern)

f: Goede God,
wy binne bliid
en wy tankje Jo
dat wy ta Jo komme meie.
Te priizgjen is jo Namme.

b: Jo hawwe ús leaf
en jouwe ús dizze ierde.
Te priizgjen is jo Nammel

b: Jo hawwe ús leaf
en jouwe ús jo Soan Jezus.
Te priizgjen is jo Nammel

b: Jo hawwe ús leaf
en bringe ús hjir byinoar.
Te priizgjen is jo Nammel

f: Dêrom tankje wy Jo
en sjonge mei alle ingels:

**Hillich, hillich, hillich,
o HEAR fan alle machten.
Himmel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.
Hosanna yn 'e himel.**

f: Wy tankje Jo, goede God,
om Jezus, jo leave Soan,
Hy is in freon fan minsken.
Wa't Him nedich hat, dy helpt Er.
Foar ús is Er alles
dat wy wêze sille.
Hy hat ús syn Geast jûn
om te libjen lykas jo bern.

b: Dêrom tankje wy Jo
en sjonge mei al wat amme hat:

**Te priizgjen Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEAR.
Hosanna yn 'e himel.**

f: Ja, heech te priizgjen is Jezus
dy't kommen is yn jo Namme.
Want Hy hat yn 'e nacht
dat Er oerlevere waard,
it brea nommen.
Hy tanke Jo,
briek it brea
en joech it oan syn learlingen
mei de wurden:
Nim en yt,
dit is myn lichem,
dat foar jimme jûn wurdt.
Doch dat ta in oantinken oan My.

Sa naam Er ek nei it miel
de beker mei wyn,
Hy tanke Jo
en joech him oan syn learlingen
mei de wurden:
Nim dizze beker
en drink hjir allegearre út.
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn
bloed,
dat foar jimme en foar gâns minsken fergetten
wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.
Doch dit, sa faak as jimme dêrút drinke,
ta in oantinken oan My.

**Te priizgjen is jo Namme,
no't wy ite fan it brea
en drinke fan 'e wyn, –
oant Er komt, foargoed.**

b: Jou ús allegear, goede God,
jo Geast fan leafde
en bring ús ticht by Jo
en by elkoar.
Amen.

f: Sa bidde wy Jo
mei alle minsken
fan eartiids en no:

**Us Heit yn 'e himel,
lit jo Namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen.**

f: Wês allegear no wolkom
oan 'e tafel fan de Hear!
Wy tankje Jo, o God!

Liturgyske sangen 90

Hjirnei fynt de mienskip fan brea en wyn plak (side 171)

31 'Fan alle dagen dizze moarntyd'

(f: foargonger, b: bern)

f: Lof en tank de goede God!

b: Ja, wy wolle foar Him sjonge.

(Sprutsen: Ja, wy wolle Him oanbidde.)

b: Fan alle dagen dizze moarntyd,
fan hiel de wrâld dit iene plak,
fan alle jeften brea en beker,
fan alle minsken jo en ik.

f: God, dy't alles skepen hawwe,
it geheim fan it dagerea
en de sinne oan 'e himel,
loft foar fûgels, frije sielen,
suver wetter foar de fisken,
hiel de ierde in minsketún.

b: Sels joegen Jo ús stim en wurden
om te sjongen: 'God is goed!'

**Fan alle dagen dizze moarntyd,
fan hiel de wrâld dit iene plak,
fan alle jeften brea en beker,
fan alle minsken jo en ik.**

f: Lykas rûnom hjir op ierde,
lykas rûnom alle minskebern
mei ferwûndering en ûntsach
sizze wy hjir: 'Hillich, hillich,
hillich is de heechste HEARE.
Heech te priizgjen Hy dy't komt!'

b: Hillich is de heechste HEARE.
Heech te priizgjen Hy dy't komt!

**Fan alle dagen dizze moarntyd,
fan hiel de wrâld dit iene plak,
fan alle jeften brea en beker,
fan alle minsken jo en ik.**

f: Sa te priizgjen as dy Iene
hat der noait op dizze ierde
hat der al syn libbensdagen,
hat der noait in minske west,
noait in minske lykas dizze:
Jezus Kristus, Hy, jo Soan.

b: Noait in minske lykas dizze:
Jezus Kristus, Hy, jo Soan.

**Fan alle dagen dizze moarntyd,
fan hiel de wrâld dit iene plak,
fan alle jeften brea en beker,
fan alle minsken jo en ik.**

b: Altyd seach Er wêr't fertriet wie
en Hy wist wa't iensum wie.

f: Feesten hat Er kleur en fleur jûn,
yn syn hân waard wetter wyn.
Mei fiif breaën en twa fisken
learde Hy ús wier te libjen
foar elkoar sa goed as God.
Foar elkoar sa goed as God.

**Fan alle dagen dizze moarntyd,
fan hiel de wrâld dit iene plak,
fan alle jeften brea en beker,
fan alle minsken jo en ik.**

**Hy mei ús. Syn hiele libben
joech Er wei as in geskink,
oan 'e dea ta foar syn freonen
ljocht en libben, wyn en brea.**

f: Sa hat Hy dy lêste jûntiid
dat Er yn har fermidden wie
sels it brea foar harren brutsen
en Hy sei: 'Dit is myn lichem.
Nim it, yt en tink oan My.'

Fol mei wyn geat Hy de beker,
love Jo en joech him om.
'Yn it omjaan fan 'e beker
diele jim myn dea en libben,
diele jim myn nij ferbûn.'

- b: As wy brea en beker diele,
diele wy syn dea en libben,
b: diele wy syn nij ferbûn.
Maranata! Oant Hy komt.

**Fan alle dagen dizze moarntyd,
fan hiel de wrâld dit iene plak,
fan alle jeften brea en beker,
fan alle minsken jo en ik.**

- f: Geast fan God, help ús te libjen
troch dit brea en dizze wyn
as dy iene wûnd're minske:

Nei dizze moarntyd alle dagen,
hjr op dit plak en wêr te wrâld,
dat wy ús jouwe yn goede jeften,
fan alle minsken wy mei Him.

Liturgyske sangen 91

Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)